

O, dat lestige tiidwurd!

Jierrenlang al hat Jan Stienstra syn boekje 'Dat lestige tiidwurd' in wichtige funksje by hast alle AFUK-kursussen. Dat is neat gjin niget, want men kin frijwol gjin sin sizze of opskriuwe of der moat wol in tiidwurd yn. De ûnderskate werprintings yn 'e rin fan 'e jierren bewize wol dat der ferlet fan wie. Dochs koe men fan lesjouwerskant en fan kursisten gauris hearre dat it wat te min joech. Hja woene b.g. graach alle bûgingsfoarmen fan de tiidwurden byinoar hawwe. Dêrneist woene se dat it folsleiner wie op it mêd fan de ûnregelmjittige en sterke tiidwurden en dat by mear as ien mooglikheid de foarkarsfoarm of standertfoarm oanjûn wurde soe.

Ut dy reden ornearre de Kommisje Taalnoarm fan de AFUK dat der in nije list fan ûnregelmjittige en sterke tiidwurden komme moast, ek omdat der ferlet is fan foarmen dy't de foarkar hawwe. Benammen by kursussen foar net-Frysktaligen of breklik Frysktaligen is der behoefte oan mear ienheid en in dúdlike en ûnderwiisbere standert. Lykwols ek Frysktaligen hawwe ferlet fan mear stipe op it stik fan de noarm.

Dat is fan dy gefolgen dat yn it nije boekje de fetprinte tiidwurdsfoarmen mei de dêrby hearrende bûgingsfoarmen yn gewoanprint yn alle gefallen oanleard wurde moatte op AFUK-kursussen. Oare gongbere farianten wurde allinnich neamd as it hânwurdboek fan de Fryske Akademy (diel I, 1984) dy ek jout. Dy binne ûnder it tiidwurd yn skeanprint ferantwurde. Der wurdt net oanjûn hokker bûgingsfoarm oft it meast gongber is, of yn hokker part fan Fryslân in beskate foarm it meast brûkt wurdt. Nêst de sterke bûging (mei lûdwiksel) komt gauris de swakke bûging foar. Dy wurdt wol oanjûn, mar as regel hat dy gjin foarkar.

Allinnich de basistiidwurden (op 'e kop ôf 200) wurde jûn, net de ôflate of gearstalde foarmen, b.g. wol *gean*,

mar net *opgean*, *ôfgean*, *fergean*, *begean* ensfh.

Yndieling fan it boekje

De tiidwurden yn it oersjoch binne op twa wizen oardere. De earste wize fan oarderjen is in alfabetyske list mei frijwol alle sterke en ûnregelmjittige tiidwurden (part B). De twadde yndieling is groepearre neffens de lûden fan de doetiid en de stamlûden, de saneamde systematyske list (part C). Oan beide listen giet in ynliding foarôf (part A). Dy is bedoeld om wat mear eftergrûnynformaasje te jaan. Dêr komt yn oan 'e oarder: de betsjutting fan 'e tiden (semantyk), de bûgingsfoarmen (morfology) en it plak fan it tiidwurd yn 'e sin (syntaksis). Fierders wurdt ferwiisd nei relevante literatuer.

Foar wa is it boekje bedoeld?

It oersjoch is ornearre foar alle minsken dy't mei tiidwurden swierrichheden hawwe, dy't Fryske leare of it bestudearje wolle en útsoarte foar de lesjouwers. It wol in helpmiddel wêze dat foar of by alle leargongen brûkt wurde kin. De ynliding is taret troch in lytse kommisje besteande út D. Eisma, A. de Vries en S.T. Hiemstra. De trije hawwe lykwols ek tige omtinken jûn oan de parten B en C. Boppedat hawwe de Kommisje Taalnoarm en inkelde saakkundigen (dr. A. Feitsma foar de teoretysk-taalkundige kant en dr. G. van der Meer en R. Smilde wat de Ingelske oersettings oangiet) it materiaal kritysk trochlêzen en binne de ynkommen op- en oanmerkings sa goed mooglik ferwurke. Oan 'e ein fan it boekje wurde lesjouwers en oare belangstellende opropen om op- en oanmerkings en suggestjes foar ferbetterings troch te jaan oan de Kommisje Taalnoarm. Op dy wize kin it boekje de kommende jierren hieltiten byskaafd en ferbettere wurde. Nei ferrin fan jierren hopet de AFUK dat der in produkt ûntstiet dat goed brûkber is en de sa needsaakli-

ke dúdlikens jout op it stik fan de standert.

Standerdisearingsproblemen

De praktyk hat leard dat 'Dat lestige tiidwurd' fan Stienstra wat de noarm oanbelanget net altiten like dúdlik is. It hat my yn de kontakten mei lesjouwers en stazjêres fan de AFUK bliken dien dat dy ûndúdlikens gauris swierrichheden jout. Yn 'Dat lestige tiidwurd', dat sûnt 1971 *IT* tiidwurdeboekje west hat, wurdt by de doetiid fan de swakke tiidwurden op -e yn de twadde persoan inkeltal allinne de bûgingsfoarm *st(e)* (stapst(e)) jûn en net -test (staptest). Foar de notiid wurdt -st (stapst) brûkt. De (e) yn de doetiid suggerearret boppedat dat dy út-gongsfoarm by de doetiid *heart* as in te kiezen fariant. Datselde is ek it gefal by it foarbyld: do bûchst (notiid) en do bûchst(e) (doetiid). Op deselde wize wurdt de taheakke (e) brûkt by de doetiid fan de je-tiidwurden: do hopest (notiid) en do hopest(e) (doetiid). By de oare foarbylden fan Stienstra wurdt dyselde suggestje trochset: bletst, makkest, rinst (notiid) — bletst(e), makkest(e), rinst(e) (doetiid). Eigenaardigernôch wurdt dy wize fan bûgen net folholden by *wêze*: do bist-wiest.

De tariedingskommisje hat nei it rieplachtsjen fan saakkundigen bûten de eigen rûnte besocht om regaad te meitsjen mei de folgjende formulearring: 'De twadde persoan fan de no-en doetiid fan swakke tiidwurden is gelyk, b.g.: do fagest (notiid) en do fagest (doetiid). Foarhinne wie dat ek sa by de tiidwurden op -e, lykas do *mienst(e)* (notiid en doetiid), mei dêrnêst de doetiidsfoarm do *miendest*; do *bakst(e)* (notiid en doetiid), mei dêrnêst de foarm do *baktest*; do *heinst(e)* (notiid en doetiid), mei dêrnêst de foarm do *heindest*. No komt it foar dat efter de doetiidsfoarm in -e set wurdt (do fageste) om sa it ferskil oan te jaan tusken de no- en doetiidsfoarm. Dy -e is lykwols net gebrûklik (foar it oantsjuten fan dat tiidsferskil grif, S.H.). Om dy reden hawwe wy gjin ûnderskie makke tusken de no- en doetiidsfoarm yn de alfabetyske list. Ut de kontekst fan de

sin moat bliken dwaan hokker tiid bedoeld is.'

De taheakke (e) is dus net it mono-poalje fan de doetiid en de -dest/-test-útgongen binne dus almeast goed Frysk. Lesjouwers hawwe wer in twifelgefal minder. Dy twifel waard ek gauris fersterke omdat yn it *Taalboek foar begjanners* njonken de *bakst* (as notiid) as doetiid de foarmen: do *bakst(e)* en *baktest* jûn waarden en njonken de *draafst* (notiid) de doetiidsfoarmen *draafst(e)* en *draafdest*. Yn it *Taalboek foar trochsetters* fine wy: do *wenst*, *bakst* (notiid) en: do *wenste/wendest*, *bakste/baktest* (doetiid).

In twadde standerdisearringsprobleem dat it omtinken fan de kommisje hân hat, is it foarkommen fan swakke bûging njonken de sterke (mei lûdwiksel). As regel kriget yn it nije tiidwurdeboekje de swakke bûging *gjin foarkar*; dus net dek-dekte-(haw) dekt, mar dek-diek (njonkenfoarm *duts*)-(haw) dutsen. Yn in inkeld gefal kin de sterke foarm as argaysk of suver allinne as boeketaal beskôge wurde en leit de *foarkar* krekt oarsom, b.g. by de kar tusken *stapte* en *stoep*. Hoewol't *stoep* dus net gongber is, wurde sokke bûgingsfoarmen dochs jûn, omdat it yn it boekje om de sterke en ûnregelmjittige tiidwurden giet. As de swakke foarm de foarkar hat, wurdt dy yn skeanprint boppe-oan setten. De tendins dat guon sterke tiidwurden swak oan it wurden binne, wurdt yn de kommisje almeast as in ferlies beskôge. It bewust oanlearen op AFUK-kursussen fan de sterke en ûnregelmjittige foarmen kin, sa is myn hope, bydrage ta it brûken en dêrmei ta it behâld fan dy tiidwurdsfoarmen.

In tredde standerdisearringsprobleem docht him foar by de bûgingsfoarmen fan guon -je-tiidwurden yn de twadde en tredde persoan iental fan de notiid as yn it foarlêste wurdliid in ûnbeklamme lûd (schwa) foarkomt. Dat is it gefal by tiidwurden lykas *keakelje*, *stampelje*, *wazemje*, *rekkenje*, *bletterje*, *wapperje*. Mar ek by tiidwurden op -igje (*einigje*, *sûndigje*, *bemoedigje*) is dat sa. Yn de sprutsen taal wurdt dy tusken-e faak weilitten en dy foarm

wurdt ek net altyd skreaun. Yn pleats fan de regelmjittige bûging fan de -je-tiidwurden, dy't op -est en -et útgeane (do *hopest*, hy *hopet*) en de regelmjittige útgongen fan boppeneamde tiidwurden (do *hannelest*, oefenest, *hammerest*, *einigest*, *bemoedigest*/hy *hannelet*, oefenet, *hammeret*, *einiget*, *bemoediget*) kriget men dan útgongen dy't 'normaal' binne by de -e-tiidwurden: do *swimst*, *sylst*/hannelst, *hammerst*, oefenst, *einichst*, *bemoedichst*/hy *swimt*, *sylt*/hannelt, *hammert*, oefent, *einicht*, *bemoedicht*. Oan de foarm is dus net mear te sjen dat it om in -je-tiidwurd giet. Yn de tredde persoan komt de ferbûging sûnder schwa ek foar yn it Hollânsk: hij hoopt, zwemt, oefent, eindigt, bemoedigt. Dat wol sizze dat it Frysk yn de tredde persoan frijwol gjin ferskil sjen lit mei de Hollânske bûging. Fanwegen taalpolitike en ûnderwiiskundige motiven leit it dus foar de hân om gjin útgongen te stypjen dy't oerienkomme mei dy fan de Fryske e-tiidwurden en it Hollânsk. Taalpolityk is it gjin goed ding útgongen te stypjen dy't in bedriging foarmje foar de je-tiidwurden (hoefolle Friezen sizze net en skriuwe soms ek: do *hoopst*/hy *hoopt*?). Underwiiskundich is it tige ûnferstannich de regelmjittigens út de bûging te heljen. It makket it oanlearen allinne mar slimmer: ien konsekwinte bûgingsútgong is better oan te learen as twa ferskillende. It jout dan ek in stik dúdlikens as de AFUK op dat mêd standerdisearret. Yn de AFUK-kursussen wurdt, sa fernijt it boekje ús, de foarm mei -est en -et oanleard en — nei in oergongstermyn — ek op 'e eksamens frege.

In lêste standerdisearringsprobleem dat ik op dit plak neame wol en dat yn de tariedingskommisje in diskuspunt west hat, is it probleem dat tiidwurden lykas *wolle*, *hawwe*, *sille*, *wêze* en *kinne* yn de doetiid meartal soms útgeane op in -n, mar faker net: wy *hiene* njonken wy *hiene*, sy *soenen* njonken sy *soene*. In saakkundige wiisde de kommisje der op dat histoarysk sjoen de foarm sûnder -n it meast krekt is en dat dy -n der nei al le wierskyn efter kommen is ûnder

ynfloed fan de tiidwurden mei in -n. Beide foarmen binne goed, mar de kommisje hat in foarkar útsprutsen foar de foarm sûnder -n. Dat is ek yn oerienstimming mei de AFUK-tradysje. Yn fierwei de measte learmiddels komme wy dy foarm tsjin.

Foarm, plak en funksje fan tiidwurden

It liket my tige fan belang ta dat lesjouwers en kursisten in stikmannich wichtige basisregels tsjinkomme op it stik fan de tiidwurdfolchoarder. Yn de tiid dat Stienstra syn boekje gearstalde wie dat grif lang sa'n grut probleem net as hjoed de dei. It ûnderwiis yn it Frysk sil op safolle mooglik skoaltypen mear omtinken jaan moatte oan it ynoefenjen fan de goede tiidwurdfolchoarder fan twa en mear tiidwurden yn haad- en bysinnen. Ek op de AFUK-eksamens sil dat systematysker oan 'e oarder komme moatte.

Yn *Tiidwurden* wurdt de Fryske syntaksis yn it foarste plak út syn eigen systematyk wei behannele, mar ek de ferliking mei de kribbekeurichheden fan it Hollânsk komt oan 'e oarder. Aardich wat omtinken wurdt der ek jûn oan de problematyk fan de *nammefoarm* + -n. Op dat mêd hat it Frysk, ferlike mei it Hollânsk, ek gauris in 'eigen' aard, dêr't tige om tocht wurde moat. Dat is ek it gefal mei tiidwurden dy't yn it Hollânsk ûnskiedber binne (hij *overhandigt* het boek; dat *overkomt* mij niet), mar yn it Frysk krekt skiedber brûkt wurde moatte (hy *langet* my it boek *oer*; dat *komt* my net wer *oer*), ek al skine gâns krantelju dêr noch nea fan heard te hawwen.

De brûkers fan it boekje sille grif tekoarten tsjinkomme yn it boekje. It is goed dat se dy trochjouwe oan de AFUK, dan kinne de suggestjes de kommende jierren helpe by it behoffeningsproses. It ferskinen fan *Tiidwurden*, ek al is it net folmakke, moat lykwols sjoen wurde as in stap yn de rjochting fan mear dúdlikens en in gruttere ienheid. Dat kin de ûnderwiisberens en de learberens fan it Frysk allinne mar te'n goede komme. It leit yn 'e ferwachting dat it boekje

Levende Talen

It Pedagogysk Wurkferbân hat yn 1988 it inisjatyf nommen om te kommen ta in seksje Frysk by ien fan de lanlike ferienings fan tale-learaars. Dat inisjatyf is oernommen en tige stipe troch it bestjoer fan de Fryske Akademy en yn april lêstlyn mei ynstimming begroete troch it bestjoer fan de 'Vereniging van Leraren in Levende Talen'. Sagau't 25 (aspirant-) leden har oppenearre hawwe om in seksje te foarmjen, sil dy ynsteld wurde. It doel is dat dy seksje Frysk op de jiergearkomste fan sneon 20 jannewaris 1990 oan de feriening presintearre wurdt.

De 'Vereniging van Leraren in Levende Talen', oprjochte yn 1912, is in organisaasje fan tale-learaars, benammen yn it fuortset ûnderwiis, dy't de belangen fan de talen yn it ûnderwiis behertiget.

De feriening hat in oantal seksjes: Nederlânsk, Dútsk, Ingelsk, Frânsk, Italjaansk, Spaansk, Russysk en Nederlânsk as twadde taal. Der wurdt tocht oan in seksje Turksk.

De feriening jout it tydskrift *Levende Talen* út dat tsien kear jiers ferskynt. Lid fan de feriening kinne wêze:

- 'a) zij die een wettelijk bewijs van bekwaamheid bezitten tot het geven van onderwijs in één of meer levende talen bij het voortgezet onderwijs;
- b) alle verdere belangstellenden die door de algemene ledenvergadering op voorstel van het hoofdbestuur van de vereniging, al dan niet geadviseerd door het sectie-

bestuur, als zodanig zijn toegelaten' (kêst 7 fan it karbrief).

Fierders is lid 3 fan kêst 12 fan belang:

'De leden die bewijzen van bekwaamheid bezitten tot het geven van onderwijs in meer dan één levende taal bij het voortgezet onderwijs kunnen lid zijn van meer dan één sectie. Zij hebben in elk van de desbetreffende secties stemrecht, maar slechts één stem in de algemene vergadering.' In seksje kin him presintearje op de jiergearkomste en de ferskillende stúdzjedagen fan de feriening. Der kin gebrûk makke wurde fan de fasiliteiten fan de feriening foar de befoarderding fan it fak yn it ûnderwiis. It lidmaatskip fan de feriening kostet f 75,— yn it jier.

It bestjoer fan it Pedagogysk Wurkferbân hat de neikommende betinkens dy't pleitsje foar it foarmjen fan in seksje Frysk by de feriening 'Levende Talen':

— Frysk is in libbene taal dy't yn Nederlân ûnderwiisd wurdt. Fryslân en it Frysk binne sa njonkelytsen aardich bekend op Europeesk nivo, mar de needsaaklike maatregels foar de posysje en it funksjonearjen fan it Frysk yn it ûnderwiis wurde troch de nasjonale oerheid nommen. It is foar de posysje fan it fak Frysk tige fan belang dat it op itselde nivo funksjonearret as de oare fakken. 'Levende Talen' kin foar it Frysk de funksje fan nasjonaal foarum krije oangeande it ûnderwiis yn it Frysk.

— It fak en de taal sille fia it tydskrift *Levende Talen* gruttere bekendheid krije yn lanlike fermiddens. Yn de rubryk 'Frysk' sil ynformaasje foar de kollega's Frysk opnommen wurde yn de foarm fan it besprekken fan nije ûntwikkelings yn it fakgebiet; fan nije útjeften; fan eksamenopjeften; en it oankundigjen fan stúdzjedagen en kongressen. Dêrnjonken kin yn algemiene artikels oer it ûnderwiis yn it Frysk it fak oan kollega's fan oare talen presintearre wurde; bygelyks oer ferskillende projekten (fuortset ûnderwiis, spesjaal ûnderwiis, folwoeksene-edukaasje) dy't

op 't heden útfierd wurde.

— Oangeande fakynhâldlike kwestjes is de feriening foar de minister fan Underwiis en Wittenskippen ien fan de petearpartners dy't it fjild fertsjintwurdiget. Op dy wize kinne fertsjintwurdigers fan it fak Frysk anst ek yn lanlike advyskommissjes opnommen wurde. De feriening hat bygelyks oan de Twadde Keamer advys útbrocht oer it útstel fan wet oer de basisfoarming. De oare kears kin de feriening derta bydrage dat it Frysk ek yn de basisfoarming in gewoan fak wurdt.

Wa't lid wurde wol fan de seksje Frysk fan de 'Vereniging van Leraren in Levende Talen' kin him of har dêrta opjaan by de skriuwer fan it Pedagogysk Wurkferbân fan de Fryske Akademy, Doelestrjitte 8, 8911 DX Ljouwert. ■

Minderheidstalen en Europa

Krekt foar de Europeeske ferkiezings begûn op 12 juny in searje fan 14 ôfleveringen oer minderheidstalen yn Europa foar de NOS-radio 5, alle moandeis om 17.00 oere.

Yn dy rige komme oan 'e oarder:

- 12 juny: Talesirkus Straatsburch
- 19 juny: Talekaart Europa
- 26 juny: Baskysk
- 3 july: Iersk, Skotsk en Manksk
- 10 july: Welsk, Kornysk en Bretonsk
- 17 july: Oksitaansk
- 24 july: Jiddysk
- 31 july: Frysk
- 7 aug.: Katalaansk
- 14 aug.: Luksemboarchsk en Elzassysk
- 21 aug.: Romaansk (sigeunertaal)
- 28 aug.: Korsikaansk en Sardysk
- 4 sept.: Friulysk en Ladynsk
- 11 sept.: Aromûnsk en Pomaaksk (Grikelân)

nei de simmerfakânsje by in grut ferskaat fan Fryske kursussen brûkt wurde sil, ek al binne der noch gjin spesifike learopdrachten en ferwurkingsoefenings by makke. Dy moatte har plak krije yn nije lesboekjes of learmodulen. Ik hoopje dat it boekje yntinsyf brûkt wurde sil. De bûgingsfoarmen en it plak en de funksje fan de Fryske tiidwurden yn de sin binne dêr wichtigernôch foar.

Sytze T. Hiemstra